

**FERIENING FRYSK UNDERWIIS (FFU)****NIJSBRIEF & JIERFERSLACH oer 2019****Ynlieding: aksjefieren bliuwt needsaaklik, ek op 'e dyk**

Yn it FFU-jierferslach oer 2018¹ (<http://ffu-frl.eu/PDF/181231.FFU-jierfersl.2018-2.pdf>) hawwe wy oanjûn dat it noch lang net goed giet mei it Frysk yn it ûnderwiis. En wat der oan wet- en regeljouwing op dat mêd leit, wurdt net of lang net goed ymplementearre. Allegeduerigen fine wy it Ryk en de Provinsje wer op ús paad. Útsein it skriuwen fan brieven of oare stikken, binne wy ek warber op 'e dyk mei demonstraasjes en it útdielen fan struibrieven oer wat der needsaaklik is foar it Frysk as fak en as fier- en ynstruksjetaal (by oare fakken) en it ûnderwiis yn de skiednis fan it Fryske folk. Wy dogge dat yn it ramt fan de *BoargerAksjegroep Sis Tsiis* (BAST), omdat wy soks sels mei fiif aktive FFU-bestjoersleden net oprêde kinne. Dat freget gâns mear minskkrêft. Al dy aktiviteiten binne wer oan te klikken op ús webstek (www.ffu-frl.eu), benammen by 'Aktiviteiten & Brieven'. Yn dit jierferslach nimme wy sa út en troch ek in stikmannich skeakels ('links') op om daliks oan te klikken. Yn it ramt fan BAST wurde ek mienskiplike gearkomsten holden foar it útfieren fan aksjes (dochgroep) en foar it neitinken oer en it fêststellen fan strategy en taktiken (tinkgroep).

Om sa effektyf en effisjint mooglik mei ús tiid omgean te kinnen, litte wy in aparte FFU-jiergearkomste ferfalle, want dy wurde amper besocht. Lykas bekend binne de measte bestjoerders al op jierren en ús enkête mei de fraach om te kommen ta útwreiding mei nije jonge bestjoersleden, hat neat opsmiten.

De útwreiding mei nije aktiviteiten jout fansels ek wer ekstra kosten en dêrom freegje wy jimme om it ús sa maklik mooglik te meitsjen mei it ynbarren fan it lede- en stipersjild en op 'e tiid jimme finansjele bydrage oer 2020 (of earder, as dat derby bleaun is) oer te meitsjen.

Wy rêde it net sûnder jo jildlike stipe

Lju dy't ús in bedrach 'skinke' en dat ôflûke wolle fan 'e belesting, kinne dat dwaan troch dat oer te meitsjen op rekkennûmer NL55 INGB 0001 1234 45 o.n.f. *Ried fan de Fryske Beweging*, Ljouwert, mei dúdlik de fermelding '**ornearre foar de FFU**'. Wy hoopje dan mar dat de Ried (nij adres nei 1 nov. 2017: Bûterhoeke 1 ['Tresoar'], Ljouwert) der wer foar soarget dat it op ús FFU-rekken oermakke wurdt. De *Ried* is erkend as ANBI (*Algemeen Nut Beogende Instelling*). Dat giet wolris mis. Sadwaande krije wy it jild leaver streekrjocht op ús eigen rekken. It ledejild kin oermakke wurde op NL17 INGB 0002 3560 38, o.n.f. *FFU Feriening Frysk Underwiis, Beetsterweg 5, 9244 GC Beetsterzwaag/ Beetstersweach*. Wy trune derop oan om dat op 'e tiid te dwaan. Dan hoege wy net mei werhelle fersiken te kommen, dy't ús wer (better te brûken) tiid en jild (sluven en postsegels) kostje. Nei it ferdwinen fan de akseptgiro-kaarten is it op 'e tiid ynbarren fan it ledejild foar ús in probleem wurden.

A. Bestjoer

It bestjoer bestie oan it begjin en oan de ein fan 2019 út: Tom Dykstra (foarsitter), Sytze T. Hiemstra (skriuwer en fise-foarsitter), Ed Knotter (ponghâlder; ek oantekens), Geart Tigchelaar (ek: oantekens), Jehannes Elzinga en Saapke de Groot-Voolstra. Ed Knotter is ús offisjele fertsjintwurdiger yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen*, mar Jehannes Elzinga ferfangt him almeast. Tom Dykstra fertsjintwurdiget de FFU yn it Algemiene Bestjoer fan de *Ried fan de Fryske Beweging*, mei Ed Knotter as syn ferfanger. Ús gearkomsten

¹ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/181231.FFU-jierfersl.2018-2.pdf>

hawwe wy safolle mooglik gearfalle litten mei de gearkomsten yn it ramt fan de aktiviteiten fan BAST (sjoch boppe) om oerbelêsting foar te kommen. Troch oare drokten hat Saapke de Groot-Voolstra ús gearkomsten yn 2019 net bywenje kinnen of meidwaan oan ús oare aktiviteiten.

Yn 2019 kaam it FFU-bestjoer (of leden fan dat bestjoer, almeast yn gearwurking mei BAST) 13 kear gear op: 10-01-2019 (Ljouwert, Oranjehotel, *dochgroep*, foars./gearopper Piter Dykstra); 16-01-2019 (Beetstersweach by Ed Knotter oan hûs, *tinkgroep*, foars./gearopper Sytze T. Hiemstra); 07-02-2019 (dochgroep, by Wout Zylstra, Folsgeare); 20-02-2019 (tinkgroep, Beetstersweach by Ed Knotter); 28-02-2019 (dochgroep, Ljouwert, Oranjehotel); 20-03-2019 (tinkgroep, Beetstersweach by Ed Knotter); 21-03-2019 (dochgroep, Ljouwert, Oranjehotel); 01-05-2019 (tinkgroep, Beetstersweach by Ed Knotter); 06-06-2019 (dochgroep, Ljouwert, Oranjehotel); 11-09-2019 (tinkgroep, Beetstersweach by Ed Knotter); 19-09-2019 (dochgroep, Ljouwert, Oranjehotel); 29-10-2019 (dochgroep, Ljouwert, Oranjehotel); 13-11-2019 (tinkgroep, Beetstersweach by Ed Knotter).

Yn dat ramt kamen út en troch ek saken oan de oarder fan de *stifting 'Sis Tsiis'* (bestjoer: Piter Dykstra, Sytze T. Hiemstra en Ed Knotter), de *'Stifting It ûnderwiisfûns fan de Fryske Taal'* (bestjoer: Piter Dykstra, Tom Dykstra, Sytze T. Hiemstra). De data fan aksjes, manifestaasjes en demonstraasjes dêr't de FFU oan meiwurke, wurde hjirûnder apart neamd.

Foarôfgeande oan de bestjoersgearkomste fan 1 maaie 2019 is de kaskontrôle fan de FFU oer 2017 en 2018 dien troch Piter Dykstra en Aant Mulder. De boekhâlding is yn oarder befûn en troch de gearkomste is ús skathâlder ûntlêstge (desjarzje ferliend).

B. Kontakten

1. Persoanen – Organisaasjes – Stúdzjedagen – Konferinsjes – Sympoasia, ensfh.

- 10-01-2019 (T. Dykstra, Ed Knotter, S.T. Hiemstra), gearkomste advysorgaan Dingtiid, kânselarij, Ljouwert;
- 17-01-2019 (T. Dykstra, J. v.d. Bij), oerlis mei trije lju fan de wurkgroep 'Nije keardoelen Frysk', Provinsjehûs, Ljouwert;
- 22-01-2019 (Hiemstra [Fryske Rie], P. Dykstra [FFU] e.o.), EBLT-oerlis mei deputearre S. Poepjes, Provinsjehûs, Ljouwert;
- 24-01-2019 (T. Dykstra, Hiemstra, Knotter), begraffenis Ymkje Marchje Meester (fou fan Bertus Jans Postma), 'Molewjuk', Bitgummole; Ingelum;
- 05-02-2019 (T. Dykstra, Hiemstra), ôfskie Gerben Gerbrandy as boargemaster fan Achtkarspelen, Gemeentehûs, Bûtenpost;
- 07-02-2019 (P. Dykstra, Hiemstra, Knotter), oerlis fan de *BoargerAksjegroep Sis Tsiis* (BAST) mei deputearre S. Poepjes, Provinsjehûs, Ljouwert;
- 12-02-2019 (Hiemstra [Fryske Rie], Kerst Huisman [Fr. Rie]), gearkomste Fryske Rie, Gemeentehûs, Beetstersweach;
- 25-02-2019 (N. Beetstra, Pier Bergsma, P. Dykstra, Hiemstra [FFU], Knotter [FFU] Tigchelaar [FFU], demonstraasje BAST by it *NS-stasjon* [t.g.f. de provinsjale lansearring Steateferkiezingskampanje], Ljouwert;
- 09-03-2019 (N. Beetstra, T. Dykstra [FFU], P. Dykstra, Cor Jousma, Hiemstra [FFU], Kerst Huisman, Knotter [FFU], Aant Mulder [RfdFB], Tigchelaar [FFU] e.o., demonstrative BAST-optocht mei sprekkers [Fryske politisy], Nijstêd/Saailân, Ljouwert;
- 19-03-2019 (P. Dykstra, Hiemstra [FFU], W. Riemersma, K. Huisman), ferkiezingsdebat (BAST-struibriefven rûnpartsje), Provinsjehûs, Ljouwert;
- 27-03-2019 (Hiemstra, Knotter, Elzinga), gearkomste EBLT, 'Tresoar', Ljouwert;
- 01-04-2019 (N. Beetstra, P. Dykstra, T. Dykstra [FFU], Elzinga [FFU, ek RfFB], Hiemstra [FFU], Knotter [FFU], Aant Mulder [RfdFB], W. Riemersma e.o.), oerlis BAST mei it bestjoer fan de RfdFB oer gearwurking, û.o. oer in BAST-demonstraasje by de Twadde Keamer, De Haach [op 26 juny 2019], 'Tresoar', Ljouwert;
- 05-04-2019 (Hiemstra), alg. ledegearkomste VLLT, seksje Frysk, 'Museum Belvédère', Oranjewâld;

- 17-04-2019 (Hiemstra), bestjoersgearkomste Fryske Rie, bibleteek, Brokmui 62, Dokkum;
- 09-05-2019 (Hiemstra [FFU], Knotter [FFU]), Europeesk ferkiezingsdebat foar it Noarden [EBLT], fersprieding BAST-struibrieven, NHL Stenden-hegeskoalle, Ljouwert;
- 15-05-2019 (Pier Boorsma, T. Dykstra, P. Dykstra, Hiemstra, Huisman, Jousma, Knotter e.o.), alg. ledegeark. Jongfryske Mienskip (JFM) mei kommissaris Arno Brok (earelidspjelde foar B.J. Postma), fersprieding BAST-struibrieven, 'Koningshof', Prinsewei 1, It Hearrenfean;
- 20-05-2019 (P. Dykstra, Jeh. Elzinga, Hiemstra, Aant Mulder, Kerst Huisman, Knotter), alg. geark. RfdFB (ôfskie foars. Geart Benedictus), ferspieding BAST-struibrieven, doarpshûs 'Nij Franjum', Marsum;
- 21-05-2019 (Hiemstra), ôfskie Alex Riemersma (as lektor Frysk & Meartaligens), fersprieding BAST-struibrieven, NHL Stenden, Ljouwert;
- 24/26-05-2019 (P. Dykstra, Hiemstra, Knotter), Ynterfryske Rie: Friesen-droapen Hilgelân ('Deät Lun'); Kreis Pinneberg, Sleeswyk-Holstein (Dsl.);
- 04-06-2019 (Hiemstra, Knotter e.o.), oerlis oer en tarieding fan de BAST-aksje by Twadde Keamer op 26-06-2019 yn De Haach, 'Tresoar', Ljouwert;
- 11-06-2019 (P. Dykstra, T. Dykstra, Hiemstra), ferspieding BAST-struibrieven en lizzen kontakten by de ynter-Fryske moeting by de Opstalsbeam (Friesisches Forum e.V.), Au[w]jerk-Rahe (East-Fryslân, Dsl.);
- 26-06-2019 (N. Beetstra, Pier Bergsma, Pier Boorsma, P. Dykstra, S.T. Hiemstra [FFU], E. Knotter [FFU] e.o.), aksje BAST by Twadde Keamer: fersprieding struiblêden en oanbieden fan in petyasje yn de foarm fan in jaske mei 'PLYSJE' derop; optocht by en aksje yn gebou Twadde Keamer en in petear fan in lytse BAST-delegaasje yn it ministearje fan ûnderwiis (OCW) mei trije amtners, De Haach (bus hierd troch it 'Ûnderwiisfûns Fryske Taal');
- 10-07-2019 (Hiemstra), geark. Fryske Rie, bibleteek, Dokkum;
- 04-09-2019 (Hiemstra, Knotter, Huisman), iepenUP Live, Omrop Fryslân, mei û.o. Jenny Douwes, 'Neushoorn' (kontakten lizze, fersprieding BAST-struibrieven), Ljouwert;
- 13-09-2019 (T. Dykstra, Hiemstra), jiergeark. Fryske Akademy, 'Akademydei' (kontakten, fersprieding BAST-struibrieven, 'Oranjehotel', Ljouwert;
- 16-09-2019 (S. Miedema, S.T. Hiemstra), bydrage Fryske Rie (seksje West) oan de 'Sitzung des Beratenden Ausschusses der friesischen Volksgruppen beim Bundesministerium des Innern, für Bau und Heimat, Nordfriisk Instituut, Süderstraße 30, 25821 Bräist/Bredstedt (Sleeswyk Holslein, Dsl.);
- 25-09-2019 (Hiemstra, Huisman), geark. Fryske Rie, bibleteek, Dokkum;
- 26-09-2019 (Elzinga, Hiemstra), geark. EBLT, 'Fryske Akademy', Ljouwert;
- 28-09-2019 (P. Dykstra, Hiemstra, Knotter), betinking Slach by Warns (spandoek en struibrieven BAST), 'Reaklif', Warns;
- 12-10-2019 (Hiemstra), Sieperda Symposium 'Redbad en syn tiid', Historisch Centrum (kontakten, struibrieven), Grienewei 1, Ljouwert;
- 17-10-2019 (P. Dykstra, T. Dykstra, Hiemstra, Knotter e.o.), demonstraasje BAST (mei muzyk en struibrieven) foar it Provinsjehûs en oanbieden fan BAST-stikken oan it Committee of Experts (CoE) fan de Rie fan Europa (oangeande it neilibjen fan it Europeesk Hânfêst foar Minderheidstalen), Provinsjehûs, Ljouwert;
- 30-10-2019 (P. Dykstra, Hiemstra, Knotter), BAST-demonstraasje mei spandoek op de publike tribune yn it Provinsjehûs by de behandeling fan in stikmannich fragen fan de FNP oangeande de stagnaasje by: kurrikulum.frl, Provinsjehûs, Ljouwert;
- 01-11-2019 (Hiemstra), 'Smûke jûn', JFM (struibrieven, kontakten), Selmien West 14, Oerterp;
- 02-11-2019 (Hiemstra, S. Miedema, P. De Graaf e.o. [Fryske Rie]), 'Westfrieslanddag' (kontakten, BAST-struibrieven), 'Spartahal', Skagen (West-Fryslân, Noard-Hollân);
- 22-11-2019 (Hiemstra, Huisman e.o.), Fryske Rie, ôfskiedsgearkomste fan trije bestjoersleden (S. Dyk, Anton v.d. Ploeg, Sj. v.d. Schaar), 'De Grote Wielen', Bûtlân 1, Ljouwert;
- 11-12-2019 (P. Dykstra, Hiemstra, Knotter [St. Sis Tsiis, BAST]), yn de kunde kommen mei Auke de Haan (studint NHL Stenden), û.o. oer ideeën útwreiding BAST, by Hiemstra thús, Drachten.

C. Brieven en oare stikken

Meast relevante brieven en oare stikken fan (útgien: 📧) en foar (ynkommen: 📩) de FFU.
Mei *(stjerke): oan te klikken op ús webstek (www.ffu-frl.eu).

Útgien:

* **25-02-2019** 📧 **FFU: BoargerAksjegroep Sis Tsiis (BAST) hat in fjirde struibrief en in blau festje ('Frysk Blinder!')**

It fjirde struibrief fan de **BoargerAksjegroep Sis Tsiis (BAST)**, dêr't ek de **FFU** aktyf oan meidocht. It pamflet (fan drs. P. Dykstra e.o.) ropt op ta in demonstraasje op sneon, 9 maart 2019 op it Saailân te Ljouwert. It befettet in analyze fan de ferkiezingsprogramma's fan de Fryske politike partijen (stimwizer) oangeande it ûnderwiis yn it Frysk en in wurdearring fan wat der fan harren ferwachte wurde kin op dat stik. It neamt ek fiif wichtige programmapunten fan *Sis Tsiis* en docht in oprop om mei te striden (sistsiis@hotmail.com). Sjoch ek ris op: www.sistsiis.frl.²

Der binne tagelyk ek blauwe festjes (Holl.: 'hesjes') makke mei as biedwurd '**Frysk Blinder!**' (úntwurpen troch drs. P. Dykstra e.o.) om by demonstraasjes te dragen.³

* **06/09-06-2019** 📧 **FFU: ferstjoeren fan (1) in brief oan de FFU-leden oangeande ús aktiviteiten, (2) it FFU-jierferslach oer 2018, (3) it finansjeel jieroersjoch oer 2017 en 2018 en it fersyk om it ledejild oer 2019 (en earder) oer te meitsjen.**⁴

* **26-06-2019** 📧 **FFU: BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis' (BAST hat in fiifde struibrief oer it ûnderwiisbelied foar it Frysk en in ûntwerp foar in Frysk plysje-unifoarm ('PLYSJE'))**

It *fiifde* struibrief fan de **BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis'** (BAST), dêr't ek de **FFU** aktyf oan meidocht. It pamflet mei op de foarkant 'Frysk op Skoalle, BERNERJOCHT ... dáár gaat BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis' de straat voor op!!' (fan drs. P. Dykstra en drs. S.T. Hiemstra) jout op de efterkant in stikmannich grutte tekoartkommings oan fan it ûnderwiisbelied fan it Ryk en de Provinsje op it mêd fan it Frysk en de skiednis fan de Friezen. It fluchskrift wurdt brûkt foar en by demonstraasjes en manifestaasjes.⁵

Dat wie bygelyks it gefal by in besite oan De Haach op woansdei 26 juny 2019, doe't fandatoangeande in petysje oanbean is oan de *Fêste Keamerkommisje fan Ynlânske Saken (Algemien Oerlis*, mei minister Kajsa Ollongren). Dêrby is omtinken frege foar it systematysk efterstellen fan it Frysk. It Frysk heart oeral lykweardich brûkt te wurden en tige sichtber te wêzen. De 'petysje' hat de foarm krige fan in ûntwerp foar in unifoarm mei it wurd PLYSJE derop.⁶

* **26-06-2019** 📧 **FFU: Taljochting BAST-petysje foar it ministearje fan Ynlânske Saken en fan OCW (struibrieven nû. 6 en 7)**

Taljochting fan de **BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis'** (BAST), yn gearwurking mei de **FFU**, foar de *Fêste Keamerkommisje fan Ynlânske Saken* en foar it ministearje fan ûnderwiis *OCW* (De Haach) oangeande de needsaak fan in *lykweardige* en *lykberjochtige* behandeling fan it Frysk yn it ûnderwiis. It hat de foarm krigen fan in *sechsde* en *sânde*, dûbeltalich pamflet (fan drs. P. Dykstra en drs. S.T. Hiemstra) (sjoch ek it fiifde dûbeltalige (Hollânsk/Frysk) struibrief hjirûnder ('útgien', d.d. 26-06-2019).⁷

² Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/190220.brosjuere4komp.korrekt-1.pdf>

³ Klik op: <http://ffu-frl.eu/Images/teehimdmthbb-2.jpg>

⁴ Klik op jierferslach 2018: <http://www.ffu-frl.eu/PDF/181231.FFU-jierfersl.2018-2.pdf>

⁵ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/190626.def.struibrief.De.Haach.26.juny.2019-compressed-2.pdf>

⁶ Klik op: <http://ffu-frl.eu/Images/PLYSJE-unifoarm.png>

⁷ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/190626.kompr.Taljochting.petysje.BAST.f.Feste.Keamerkommisje.pdf>

Op de efterkant steane tsien punten dy't berikt wurde moatte: dat binne 7 fan in petysje fan de *Ried fan de Fryske Beweging* (18-12-2018, oan te klikken by 'ynkommen' 2018) en 3 oanfoljende fan 'Sis Tsiis'.⁸

*** 22-07-22 🇳🇱 FFU: reaksje op 6^{de} rapportaazje fan Nederlân oangeande de ymplementaasje fan it Europeesk Hânfêst**

Krityske reaksje fan de *FFU*, ornearre foar it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), op de slim tekoartsjittende ymplementaasje fan it Frysk yn it ûnderwiis lykas werjûn yn de sechsde rapportaazje fan Nederlân oan de *Ried fan Europa* (oer de perioade 2015-2018) oer de ymplementaasje fan it *European Charter for Regional or Minority Languages* (Europeesk Hânfêst foar Regionale Talen of Talen fan Minderheden).⁹

*** 04-10-2019 🇳🇱 FFU: brief oan DS oangeande de teloarstellende gong fan saken by it fêststellen fan de keardoelen Frysk**

FFU-brief (d.d. 4 okt. 2019) oan *Deputearre Steaten* fan Fryslân (DS) oer de slim teloarstellende gong fan saken by it fêststellen fan de keardoelen foar it fak Frysk en it ferfallen fan de mooglikheid om it Frysk in mear yntegrearre plak yn it hiele Fryske ûnderwiis te jaan. Yn dat ramt stelt de *FFU* fiif fragen oan DS.¹⁰

*** 17-10-2019 🇳🇱 FFU: BoargerAksjegroep 'Sis Tiis' hâldt yn Ljouwert in demonstraasje foar it Committee of Experts fan de Ried fan Europa**

De *FFU* hat yn it ramt fan de *BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis'* (BAST) op 17 oktober 2019 op de stoepe fan it Provinsjehûs te Ljouwert demonstrearre ta gelegenheid fan in besite fan it *Committee of Experts* (CoE) fan de *Ried fan Europa*. Dy kommisje moat him ynformearje litte oer al of net it neilibjen fan it *Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen*. Dat is foar it Frysk en de Fryske skiednis noch altiten net goed ymplementearre en dat hat de BAST-aksjegroep oan it CoE witte litten en harren in mapke mei krityske stikken oerlance.¹¹

De **ynhâld** fan it mapke bestie(t) út:

1. in *Ingelsktalige taspraak* fan drs. Piter Dykstra (mei in Hollânsktalige oersetting) foar de kommisje (CoE): [http://ffu-frl.eu/PDF/191017%20\[2\].def.P.Dykstra.taspraak17okt.CoE.Ljouwert.pdf](http://ffu-frl.eu/PDF/191017%20[2].def.P.Dykstra.taspraak17okt.CoE.Ljouwert.pdf)
2. in *fjouwertalich* struibrief (Ingelsk, Hollânsk/Nederlands, Dútsk/Deutsch, Frysk) mei ús konkrete doelen ûnder de titel '**De stadige taalmoard op it Frysk moat ophâlde!**': <http://ffu-frl.eu/PDF/191017.def.BAST-FFUfoldertekstENDF.logo.pdf>
3. bydrage fan *FFU*-foarsitter drs. Tom Dykstra en *FFU*-skriuwer drs. Sytze T. Hiemstra foar de CoE oer it sterk tekoartsjittende ûnderwiisbelied fan de nasjonale en provinsjale oerheid oangeande it ûnderwiis yn it Frysk en de Fryske skiednis: [http://ffu-frl.eu/PDF/191013.191029.\[3\]def.bydr.TD-STH.FFU-BAST.17.okt.CoE.Ing.en.Ned_.pdf](http://ffu-frl.eu/PDF/191013.191029.[3]def.bydr.TD-STH.FFU-BAST.17.okt.CoE.Ing.en.Ned_.pdf)
4. liet fan Grytsje Kingma oer 'Frysk ûnderwiis' dat troch de BAST-demonstranten songen is op de stoepe fan it Provinsjehûs op 17 oktober 2019 en foar de CoE: <http://ffu-frl.eu/Images/190917.def.liet.Gr.Kingma.opm.PD.kleur.jpg>
5. BAST-struibrief 'Frysk op Skoalle Bernerjocht' mei de rop om *lykweardigens* en *lykberjochting* fan it ûnderwiis yn it Frysk en de Fryske skiednis: <http://ffu-frl.eu/PDF/190626.def.struibrief.De.Haach.26.juny.2019-compressed-2.pdf>
6. filmke fan it sjongen fan it liet: <https://www.facebook.com/sthiemstra/videos/2523380151224203/?t=19>

⁸ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/190626.BriefoanOCW-2.pdf>

⁹ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/190722.FFU-mail.oan.EBLT6e.rapprt.Ned.RfEuropa.pdf>

¹⁰ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/191004.FFU.brief.f.DS.feststellen.keardoelen.skjin.pdf>

¹¹ Klik op (foarkant mapke): <http://ffu-frl.eu/Images/BAST-foarkant.mapke.jpg>



Oanbieden plysje-petysje oan Harry van der Molen
by de Twadde Keamer (aksje 26-06-2019)



F.l.n.rj.: P. Dykstra, Hiemstra en Knotter
yn it Provinsjehûs (aksje 19-10-2019)

- **29-10-2019** 📧 **FFU**: nije oprop (e-postberjocht of brief) fan ponghâlder Ed Knotter oan de FFU-leden om it ledejild oer 2019 en earder te beteljen as dat noch net oermakke is.

* **18-11-2019** 📧 **FFU**/'*Sis Tsiis*'/'*Ûnderwiisfûns Frysk*: brief oer de taalnoarm yn Afûk-útjeften

Brief fan de **FFU**, de *Stifting 'Sis Tsiis'*, de stifting '*Ûnderwiisfûns foar de Fryske Taal*' en de *Jongfryske Mienskip* oangeande it net konsekwent hanthavenjen fan de taalnoarm(en) fan en foar it Frysk en de sterk tekoartsjittende korreksje fan Frysktalige lêsböeken en learmiddels dy't útjûn wurde troch de Afûk. Mei as eksimpel taheakke in beheinde list mei flaters yn de roman *De koma-korrektor* fan Baukje Zijlstra (Afûk, 2018).¹²

- **05-12-2019** 📧 **FFU**: oprop (e-post) fan foarsitter Tom Dykstra oan de FFU-leden om omtinken te jaan oan *De Nije* (tydskrift fan de *Ried fan de Fryske Beweging*) en *Nij Frisia* (tydskrift fan de *Jongfryske Mienskip*) en leafst abonnee en/of lid te wurden fan de oanbelangjende organisaasje. Leden sûnder e-post hawwe dat berjocht net krige.

Ynkommen:

* **31-01-2019** 📧 **Min. Ynl. Saken: Alternative bestjoersoerienkomst BFTK (RfdFB)**

Reaksje (d.d. 31-01-2019) fan de minister fan Ynlânske Saken (drs. K.H. Ollogren) oan de Twadde Keamer op de alternative *Skaadbestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019- 2023* ('Dúdlike doelen foar in Fryske takomst', juny 2018) fan de *Ried fan de Fryske Beweging* (sj. by: *Ynkommen Brieven*, 27-06-2018) of klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180628.RFFB-BFTK.pdf>.¹³

* **12-06-2019** 📧 **DINGtiid: brief oan it Ryk en de Provinsje oer it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis (WEC)**

Brief fan it advysorgaan *DINGtiid* oan de kontaktpersoanen fan de ministearjes fan OCW, Ynlânske Saken en de provinsje Fryslân oer de minne situaasje fan it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis (Wet op de Expertisecentra). Dêryn is opnommen in e-postberjocht fan S.T. Hiemstra (12 maart 2019) en in brief (reaksje) fan minister Van der Hoeven (fan 7 juny 2004) oer deselde kwestje.

Op 13-06-2019 krigen *DINGtiid* en de **FFU** berjocht fan de provinsje Fryslân (dhr. Harmen Akerboom), dy't skriuwt: 'Tank foar jo brief wêrmei't jo de soarch fan de FFU oangeande it fak Frysk yn it spesjaal ûnderwiis by ús ûnder de oandacht bringe. Dy berjochten + achtergrûnynformaasje binne by ús lykwols hiel goed bekend. Op 22 jannewaris en 6 febrewaris fan dit jier hat de hear Hiemstra dat noch yn bestjoerlike oerlizzen mei deputearre Poepjes oan de oarder steld. Mar ek yn de jierren dêrfoar is it mei har besprutsen yn oerlizzen mei Sis Tsiis. Yn de BFTK 2019-2023 [*bestjoersoerienkomst tusken Ryk en Provinsje*] binne ûnder paragraaf 2.5 ôfspraken opnaam oangeande it Frysk by skoallen dy't ûnder de WEC falle. Dat is de opdracht dêr't wy op it stuit oan wurkje. Yn de BFTK is dêrby ek de ôfspraak makke dat dit yn de earste helte fan dizze BFTK-

¹² Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/191117.def.FFU-.br.oan.Afuk.logo.skjin.pdf>

¹³ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/190131.kamerbrief-alternatieve-bestuursoerienkomst-friese-taal-en-cultuur-rfdfb-3.pdf>

perioade syn beslach hawwe sil. As de útkomsten dêrfan bekend binne, sille dy mei de FFU en DINGtiid dield wurde.’¹⁴

*** 26-06-2019 🇳🇱 Min. fan Ynlânske Saken: Ferslach ‘Algemien Oerlis’ fan de Twadde Keamerkommisje oer de BFTK**

Net korrijearre stenogram (wurdlik ferslach) fan it ‘Algemien Oerlis’ (AO) fan de fêste komisje foar Ynlânske Saken fan fiif Twadde Keamerleden (mefr. Den Boer [D66], dhr. Futselaar [SP], Harry van der Molen [CDA; foars.], mefr. Özütok [Groen Links] en Aukje de Vries [VVD]) mei minister Kajsa Ollongren (Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes) op 26 juny 2019 yn De Haach (gebou Twadde Keamer) oangeande de *Bestjoersoerienkomst Fryske taal en kultuer* (BFTK).

Dêrby wie ek omtinken foar de petysje fan de *BoargerAksjegroep Sis Tsiis* (BAST) oer de sichtberens fan it Frysk. De aksjegroep, dêr’t de **FFU** ek oan meidocht, hat foarôfgeande oan de gearkomste in *petysje* (mei in struibrief) oanbean oan kommisjefoarsitter Van der Molen yn de foarm fan in plysje-unifoarm mei it wurd PLYSJE derop (sjoch ek by ‘útgien’ d.d. 26-06-2019).¹⁵

*** 26-06-2019 🇳🇱 SPLIKA/SBS6/FvD: filmkes oer it oanbieden fan in BAST-petysje yn De Haach**
Inkelde filmkes makke op 26 juny 2019 oer de taal- en ûnderwiisaktiviteiten fan de *BoargerAksjegroep ‘Sis Tsiis’* (BAST), dêr’t de **FFU** ek in rol yn spilet.

1. Filmkes fan Natasja Gibbs oer de beskerming fan it Frysk en it Papiamintsk makke yn De Haach op 26-06-2019: <https://caribischnetwerk.ntr.nl/2019/06/27/bescherming-papiaments-we-kunnen-veel-van-de-friezen-leren/>

Ek oan te klikken op: <https://youtu.be/IMMxjirZzO4> en <https://youtu.be/ljR7JmuSu8o>

2. Filmke fan *Forum voor Democratie* (mei mr. Theo Hiddema) oer it belang fan it Frysk, opnommen by gelegenheid fan it oanbieden fan in BAST-petysje yn De Haach (26-06-2019): https://youtu.be/1_abII6pUkw

3. Filmke fan SBS6, dêr’t nei goed 16 minuten (16:15) in fragmint yn foarkomt oer de striid foar it Frysk en it oanbieden fan in BAST-petysje yn De Haach (26-06-2019): <https://www.kijk.nl/sbs6/hartvannederland/videos/NOlf3u1c0al/hart-van-nederland-laai>

Sjoch op ús webstek by ‘Utgien 2019’ (d.d. 26-06-2019) foar mear ynformaasje oer inkelde relevante BAST-struibriefen (nrs. 5, 6 en 7) en in ûntwerp foar in plysje-unifoarm mei PLYSJE derop.

*** 15-08-2019 🇳🇱 RfdFB en EBLT: reaksje foar curriculum.nu oer nij learplan Frysk**

Kritiske reaksje fan de *Ried fan de Fryske Beweging* (RfdFB) en it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT)¹⁶ op it plak fan it Frysk as fak en ynstruksjetaal yn de takomstige learplannen. De **FFU** wurket gear mei de *RfdFB*.¹⁷

De Ried fan de Fryske Beweging hat yn augustus reagearre op de foarriedige útstellen foar in nij nasjonaal learplan. Al mear as in jier wurdt troch skoallieders en leararen wurke oan foarstellen om de ynhâld fan it skoalprogramma te fernijen. Op 10 oktober [2019] sille de foarstellen oanbean wurde oan de minister, mar earst koe elkenien oan begjin augustus ta noch reagearre op www.curriculum.nu.¹⁸

¹⁴ Klik op: <http://ffu-fri.eu/PDF/190612.20190612DINGtiidaanBZK.pdf>

¹⁵ Klik op: <http://ffu-fri.eu/PDF/190720ConceptverslagBestuursovereenkomstFriesetaalencultuur190626Tweede-Kamer.docx>

¹⁶ <http://ffu-fri.eu/PDF/190815.reaksje%20EBLT.curr.nu.pdf>

¹⁷ Klik op: <https://consultatie.curriculum.nu/pdf/5b16bf4a4f528/42730/>

¹⁸ Klik op: http://ffu-fri.eu/PDF/190518.reaksje.RfdFB.nei.Curr.nu.folsl.tekst.https_consultatie.curriculum.pdf

Omdat it foech foar it fak Frysk sûnt 2014 by de provinsje Fryslân leit, is yn juny ferline jier in parallel projekt úteinset, dat www.kurrikulum.frl hjit. It idee wie dat der sa ôfstimd wurde kin tusken de Fryske en de Nederlânske foarstellen. Ommers, it belied fan de minister en dat fan de Provinsje sille úteinlik beide op de Fryske skoallen har gerak krije moatte. It is lykwols tige spitich dat it Fryske projekt al sûnt april stil leit omdat it ‘troch de Provinsje toetst wurdt oan Europeeske en nasjonale wet- en regeljouwing’, sa’t op de projektwebside skreaun wurdt.

De Ried hat noed dat troch dizze fertraging dy ôfstimming tusken it Frysk en it Nederlânsk der net komt. Fierder hat de Ried yn syn reaksje dúdlik makke dat men binnen Fryslân rekken hâlde moat mei in meartalige situaasje wêryn’t de twa mienskipstalen in lykweardich plak fertsjinje op skoalle en dêr’t it Frysk ek de ynstruksjetaal by oare fakken yn wêze kin, njonken it Nederlânsk. Dy situaasje ferskilt gâns fan dy dêr’t de opstellers fan de nasjonale foarstellen foar it leargebiet Nederlânsk fan útgien binne.

*** 08-10-2019 🇳🇱 De Fryske Skoalle: ferslach fan de wurksumheden fan 17 sept. 1955 oant 1 sept. 1957**

In foarrinder fan de *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) is de feriening ‘De Fryske Skoalle’ (1955-1972). It doel fan dy feriening wie om te arbeidzjen oan ûnderwiis dat fundearre is op it Frysk folkslibben. Nei it oprjochtsjen fan it *Paedagogysk Advysbureau* (PAB) fan de Fryske Akademy yn 1959 ferfoel in grut part fan it wurk fan ‘De Fryske Skoalle’ (sjoch foar mear ynformaasje drs. Sytze T. Hiemstra (skriuwer *FFU*) yn: *Nij Frisia*, jrg. LXIV, nû. 4, des. 2015, s. 77-78: <http://ffu-frl.eu/PDF/nijfrisia4.compressed.pdf>). Yn 1972 besleaten de leden om de feriening op te heffen.

Yn 1987 is de *Feriening Frysk Underwiis* oprjochte, dy’t as in fuortsetting fan it wurk fan *De Fryske Skoalle* beskôge wurde kin, omdat fan in effektive yntegraasje fan it Frysk yn it ûnderwiis noch lang net praat wurde koe en dat is yn 2019 noch altiten sa.

In ferslach fan de wurksumheden fan ‘De Fryske Skoalle’ (fan de hân fan de skriuwster, T. Sudema-Mulder) oer it tiidrek fan 17 sept. 1955 oant 1 sept. 1957 is hjirûnder oan te klikken.¹⁹

*** 03-12-2019 🇳🇱 Provinsje/Ûnderwiisinspeksje: Temarapportazje ‘Sizzen is neat, mar dwaan is in ding’**
Brief fan de Provinsje oer de ‘Temarapportazje Frysk “Sizzen is neat, mar dwaan is in ding”²⁰ fan de Ynspeksje fan it Ûnderwiis (rapport taheakke²¹).

*** 17-12-2019 🇳🇱 Afûk: reaksje op it FFU-brief oer de taalnoarm yn Afûk-útjeften**

Reaksje fan de Afûk (direkteur Alex de Jager) op in brief fan de *FFU*, de *Stifting ‘Sis Tsiis’*, de stifting ‘*Ûnderwiisfûns foar de Fryske Taal*’ en de *Jongfryske Mienskip* oangeande it net konsekwint hanthavenjen fan de taalnoarm(en) fan en foar it Frysk en de sterk tekoartsjittende korreksje fan Frysktalige lêsböeken en learmiddels dy’t útjûn wurde troch de Afûk (<http://ffu-frl.eu/PDF/191117.def.FFU-br.oan.Afuk.logo.skjin.pdf>). Mei as eksimpel taheakke in beheinde list mei flaters yn de roman *De koma-korrektor* fan Baukje Zijlstra (Afûk, 2018).²²

D. Publisiteit

* Oan te klikken op ús webstek (www.ffu-frl.eu). In stikmannich artikels fan *FFU*-bestjoersleden oer *FFU*-aktiviteiten, dy’t publisearre binne of omtinken krige hawwe yn guon media. It is foar ús net altiten goed nei te gean oft en hoe’t der publisiteit jûn is oan ús krewearjen yn de ûnderskate media (bgl. *Omrop Fryslân*, it ynternet of de dei-, wyk- en streekblêden). It oersjoch is dus beheind. Guon bestjoersleden reagearje út en

¹⁹ <http://ffu-frl.eu/PDF/191008.De%20Fryske%20Skoalle%201955-57sept.T.Sudema-Mulderskr.pdf>

²⁰ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/191203.BriefDS.en.rapportazje.sizzen.dwaan20191205.pdf>

²¹ Klik op: <https://www.onderwijsinspectie.nl/documenten/themarapporten/2019/12/05/fries-in-het-primair-en-voortgezet-onderwijs>

²² Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/191217.Afuk-reaksje.op.FFUbrief.20191220123452044.pdf>

troch ek op en yn (it digitale) *It Nijs fan de Ried fan de Fryske Beweging* of op it plak fan de *FFU* op *Facebook*.

Nij Frisia (blêd fan de Jongfryske Mienskip)

* Artikel fan drs. S.T. Hiemstra yn *Nij Frisia* (jrg. LXVIII, nû. 1, maitiid 2019) mei as titel ‘Skiednis fan Fryslân of Fryske skiednis? (II): De Dútske Oarder, de Fryslannen en de Friezen’ yn syn rubryk ‘Ús eigen Taal [30]’ (s. 3, 5-8). Yn it nûmer binne boppedat bydragen te finen fan Bertus Jans Postma, Pier Boorsma (‘Literatuer en Beweging’), Jan Hiemstra (‘Snypsnaren [3]’ oer de *ûngetiid*), Goaitzen Bosma (‘Ridders en muontsen yn Fryslân’), Kerst Huisman (‘Mear rinte as by de bank ...’) en Jaap Slager (kollum nû. 6: ‘MelRose’).²³

* Artikel fan drs. S.T. Hiemstra yn *Nij Frisia* (jrg. LXVIII, nû. 2, simmer 2019) mei as titel ‘De genoside fan ‘Froanen’ (1297): foar- en neispul (I)’ yn syn rubryk ‘Ús eigen Taal [31]’ (s. 3-5-11). Yn dit nûmer binne boppedat bydragen te finen fan Wolter Jetten (‘Die Abstandserklärung’), Pier Boorsma (‘In memoriam matris’), Aant Mulder (‘West-Fryslân: tussen dut en dat is ôk nag wat!’), Sander Hoekstra (‘Op de ein fan ’e dei’), Eric Hoekstra (‘Frysk en Ingelsk [1]’), Bertus J. Postma (‘De plaknammen yn de Waadhoeke’), Piter Dykstra (‘Wy litte ús lân der ek net ûnderstrûpe’), Tom Dykstra (‘It is mei sizzen net te dwaan [I]’), Jaap Slager (kollum nû. 7: ‘Baas boppe baas’).²⁴

* Artikel fan drs. S.T. Hiemstra yn *Nij Frisia* (jrg. LXVIII, nû. 3, hjerst 2019) mei as titel ‘It kleaster Ihlow en de Opstalsbeam as ynspiraasjeboarne’ yn syn rubryk ‘Ús eigen Taal [32]’ (s. 3, 5-9), mei taheakke in brief fan sines (út namme fan de Fryske Rie) oan de Ried fan Europa oer it ‘Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden’ (s. 10-12). Yn dit nûmer binne ek bydragen te finen fan Bertus Jans Postma (‘Kommissaris fan Fryslân’), Sander Hoekstra (‘Explore the North 2019: de JFM nei Ihlow en Emden’ en ‘Trochloftich folk’ [gedicht]), Eric Hoekstra (‘Frysk en Ingelsk [2/3]’), Tom Dykstra (‘It is mei sizzen net te dwaan [II]’), Ed Knotter (‘Tiidwurden fernijd’ [in problematyske Afûk-útjefte]), Jaap Slager (‘Prena-taaltsje’, kollum nû. 8).²⁵

Leeuwarder Courant & Friesch Dagblad

* **Sis Tsiis betoogt weer voor Frysk op school**, 19/20-02-2019 (A-LC / Omrop Fryslân)

Leeuwarder Courant – 20-02-2019, s. 3 – Kranteberjocht oer in demonstraasje fan de **BoargerAksjegroep Sis Tsiis** (dêr’t ek de **FFU** aktyf oan meidocht) op 9 maart 2019 op it Saailân te Ljouwert (15.00 oere), mei as biedwurd ‘**Frysk blinder!**’. It Frysk op skoalle moat neffens de **FFU** en de aksjegroep (**BAST**) in wichtich tema wurde by de Steateferkiezings fan 20 maart 2019.²⁶

* **Sichtberens Frysk is ek in saak fan it ryk**, 24-06-2019 (P-LC)

Leeuwarder Courant, 24-06-2019, s. 15 (‘Podium’) – Artikel fan Pier Bergsma (foars. Ried fan de Fryske Beweging), Aant Mulder (bestjoerslid RfdFB) en Piter Dykstra (BoargerAksjegroep ‘Sis Tsiis’) oer de tekoartsjittende bestjoersoerienkomsten fan Ryk en Provinsje, de minne sichtberens fan it Frysk yn ús provinsje en it analfabetisme yn de eigen taal, omdat de skoallen amper wat oan it Frysk dogge. Op 26 juny 2019 biedt de aksjegroep ‘Sis Tsiis’, de Ried fan de Fryske Beweging en de **Feriening Frysk Underwiis** (FFU) yn De Haach de Fêste Keamerkommissje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes (wer) in **petysje** oan oer it systematysk efterstellen fan ús taal (û.o. troch it oanbieden fan in plysje-unifoarm mei PLYSJE derop). De Ried fan de Fryske Beweging hie op 18 desimber 2018 ek al in petysje oanbean.²⁷

* **Minister talmt met ‘plysje’ op uniform**, 27-6-2019 (A-LC)

Leeuwarder Courant – 27-06-2019, s. 31 – Artikel fan Saskia van Westhreenen oer de ynspannings fan de minister fan Ynlânske Saken, Kajsa Ollongren, oangeande har teloarstellend optreden foar in aktiver Frysk taalbelied. Ek it ynspesjetafersjoch op it ûnderwiis yn it Frysk wol se net by de provinsje ûnderbringe. Piter Dykstra fan de **boargeraksjegroep ‘Sis Tsiis’** biedt de foarsitter fan de Fêste Kommisje fan Ynlânske Saken,

²³ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/nijfrisia1-19compress.def.190513-2-compressed-3MB.pdf>

²⁴ Lik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/190815.def.nijfrisia2-19compress-compressed.pdf>

²⁵ Klik op: http://ffu-frl.eu/PDF/nijfrisia3-19compress.2xdef.191219_compressed.pdf

²⁶ Klik op: <http://ffu-frl.eu/Images/LC-2019-02-20-3-sis-tsiis.jpg>

²⁷ Klik op: <http://ffu-frl.eu/Images/LC-2019-06-24s.15Sichtberens.jpg>

CDA-Keamerlid Harry van der Molen, in petysje oan fan in Frysk polysje-unifoarm. De **FFU** fiert binnen ‘Sis Tsiis’ striid foar in *lykweardige* behanneling fan it Frysk en dan moat û.o. it wurd ‘PLYSJE’ in plak krije op it plysje-unifoarm yn Fryslân. Op de taheakke foto steane Sytze T. Hiemstra (lofts), Piter Dykstra (midden) en Harry van der Molen (rjochts).²⁸

E. Webstek FFU en digitale sosjale media

Wy binne mei ús eigen stee (www.ffu-frl.eu) op it wrâldwide web úteinset op 1 jannewaris 2005 en wurde frij geregeld besocht. Sytze T. Hiemstra sr. soarget foar de ynhâld en Sytze J. Hiemstra jr. foar pleatsing. Yn it jierferslach fan 2014 hawwe wy in wiidweidich oersjoch jûn fan de besikers (sjoch dêr). Ús ‘tellers’ krigen yn 2018 rare kueren, dat de besikerssifers moatte wy (ek) foar it ferslachjier 2019 misse.

De *FFU* is sûnt 2012 ek aktyf yn en op de digitale sosjale media, benammen op *Facebook* (mei twa ‘akkounts’), dy’t hast alle dagen fan ynhâld foarsjoen wurde troch Sytze T. Hiemstra sr. Op dy wize kinne wy ús doelen hieltiten yn it omtinken bringe by in beskate doelgroep en dy eventueel ek wer liede nei ús webstek.

Beslút

De earder (ek boppe) gauris neamde *aksjegroep* (BAST), de *Stichting ‘Sis Tsiis’* (STST) en de *Stifting It ûnderwiisfûns foar de Fryske Taal* (STÛFT) kinne fan grut belang wêze om *doelen* te berikken dy’t ek de *FFU* tige oansprekke (www.ffu-frl.eu). Wiidweidige ynformaasje dêroer is (ek) te finen yn ús jierferslach fan 2018.²⁹ Wy geane yn 2020, as ús sûnens it talit (sjoch ek de ein fan it ferslach fan 2017), moedich fierder mei it neistribjen dêrfan en rekkenje dêrby op de stipe fan ús leden. Al wie it mar om de finansjele bydrage om ús aktiviteiten geande te hâlden. Dy kinne wy net misse ...

It bestjoer



²⁸ Klik op: <http://ffu-frl.eu/Images/LC-2019-06-27s.31Ministertalmtmetplysjeopuniform.foto.S.T.HiemstraenP.Dykstra.jpg>

²⁹ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/181231.FFU-jierfersl.2018-2.pdf>